



DOARPSNIJS

Nûmer 406

april 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
secretariaatdb@nijemirdum.nl		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

STOARN

Op 30 maart is stoarn Klaasje Beuckens-Ferdinands, sy is 86 jier wurden en wenne yn Balk.

NIJE YNWENNERS

Klaas Kos en Jellie Zijlstra op de “Lyklamastate” op de Lyklamawei 4.



Tjalling Ament en Wendy Ament-Keeven op it Wytflânsdykje 2.



BEDANKT

Yn de wike fan 20 oant 25 maart is der wer jild ophelle foar de ZOA- kollekte. Dizze organisaasje soarget yn ' e hiele wrâld dat minsken dy' t it slachtoffer wurden binne fan oarloch of in natuerramp yn harren eigen regio wetter, iten en ûnderdak krije. Ek helpe se har yn it ferwurkjen fan fertriet en bij de opbou fan in nij libben.

Yn Nijemardum ha jim gelokkich ek jim euro' s dêr foar opsocht om se by Sietske, Hetty, Aukje, Marre, Tiety of Harmen, Diete, Coba of Wiepkje yn de kollektebus te goaien.

Der siet totaal € 379,48 yn!

Allegear tige tank!

Coby Hospes-Pietersma

BEDANKT! WEER EVEN EEN “DIPKE”

Bedankt voor alle goede dingen; een kaartje, een praatje, presentjes en vitamientjes: SUPER!

Ondertussen gaat het langzaamaan weer beter, dus nogmaals dank voor alle GOEDS!

Groetnis Douwe Jan – fam. Schotanus – Risselada

BEDANKT

De ofrûne jierren ha wy elke moanne it 'Doarpsnijs' untfange mochten. Sadwaande koene wy op de hichte bliuwe fan it “wel en wee” yn Nijemardum, ek bûten de tsjerkelike paden om. Dat ha wy altyd tige op priis steld, lyk as dat Arnold Rozema it moarns betiid al by us yn de bus brocht. Tige tank der foar.

Mei freonlike groetnis, Teije en Sietske Osinga, Aldemardum

EVEN VOORSTELLEN...

Na twee maanden uitgebreid klussen (en we zijn nog lang niet klaar!) zijn wij woensdag 5 april in ons huis aan Wytlandsdykje 2 getrokken. 'Wij' zijn Tjalling Ament (55), opgegroeid op Terschelling en Wendy Ament-Keeven (47), geboren in Hilversum en overal en nergens opgegroeid. De afgelopen jaren hebben we met plezier in Lelystad gewoond maar het platteland bleef trekken en na veel rondrijden en zoektochten besloten we in deze omgeving op zoek te gaan naar een huis. Het werd het Wytlandsdykje in Nijemirdum. Het paard van Wendy staat fijn dichtbij op een pensionstal in Sondel. We hebben er zin in om deze mooie omgeving en haar bewoners te leren kennen!

Vriendelijke groet, Tjalling en Wendy Ament



Vergezicht (Ralph van Manen)

*Zoveel dagen zijn verstreken
Zoveel dagen nu voorbij
De tijd heelt alle wonden
Maar geldt dat ook voor mij*

*Want samen was veel beter
Zoveel mooier dan alleen
Maar ik geef me niet gewonnen
Ik sla me er doorheen*

*Want ik geloof en ik zie
Elke dag een beetje scherper
Elke dag iets minder vaag
Want morgen zie ik verder, verder dan vandaag
Elke dag komt de hemel een stukje dichterbij
Elke dag verkleint de afstand
Tussen jou en mij*

*Troost zit vaak in woorden
Maar het is stilte wat ik hoor
En om jou te moeten missen
Daar zijn geen woorden voor*

*Ik weet er komt een einde
Aan de tranen en de pijn
En dat er in de toekomst
Geen lijden meer zal zijn
Want ik geloof en ik zie*

LEAVE DOARPSGENOATEN,

Hendrik mocht graach sjonge en spylje en dat die er alle dagen. It ferske 'Vergezicht' fan Ralph van Manen hearde ek ta it repertoire fan Hendrik. Wa hie oait tinke kinnen dat dit ferske just no foar ús sa treastend wurkje soe? Koene wy de tiid mar werom draaie tot fier foar dy swarte sneon yn jannewaris. Foar ús sil it nea wer itselde wurde. Wy misse him in alderferskuorrendst soad. Wy moatte fierder sûnder Hendrik mar mei de dierbere oantinkens. Ek al ha wy elkoar loslitte moatten, yn ús hert bliuwe wy ivich mei elkoar ferbûn. Leafde stiet bûten de tiid.

Leave minsken, bedankt foar jim meilibjen yn hokker foarm dan ek. It docht ús goed. Wy ha der gjin wurden foar!

Coby, Marten, Wieger, Johannes & Femke, Tiertsje & Aldo



IT HIMD FAN IT GAT

Ingrid is fuortendaliks entûsjast as ik har freegje foar in ynterview yn it doarpskrantsje. “Kom mar gesellich del foar in bakje”. Nynke kin wol gewoan mei, dat liket Ingrid wol leuk ta. As ik op in moandeitemoarn nei har ta gean, krij ik in lekker bakje kofje. Nynke komt by Ingrid op ‘e skurte en we sette útein.

Ingrid wennet tegearre mei Ruerd en harren trije jonges Folkert Jan (13), Sybren (11) en Klaes (8) op it Wytlânsdykje nr 3 yn Nijemardum. Fia wat omwegen en tuskenstops ha sy harren no foar de tredde kear “settele” yn Nijemardum en sa te hearren foldocht it poerbêst.



Wêr bisto berne?

Ik bin in echte Wommelser! Ik bin yn Snits berne, mar opgroeid yn Wommels. *Mei meardere broers en sussen?* Mei in âldere broer, in âldere sus en in twillingbroer. Mei myn twillingbroer ha ik in hiel bêste bân.

Watfoar oplieding hast dien?

Nei de MAVO ha ik de MEAO dien. Doe tocht ik: noch twa jier leare en dan gean ik oan it wurk. Ik woe graach toskedokterassinstinte wurde. Dêrnei bin ik noch nei Grins ta gien en ha der de oplieding foar mûlehygiëniste dien. Ik wie al mei myn santjinde it hûs út en woe wol wurkje.

Do hast as mûlehygiëneiste oan it wurk west?

Ja, ik ha yn ‘t Hearrenfean by in Ortodontist wurke; it echte mûlehygiënistewurk ha ik dêr net dien, mar ik die wol it “bûgelwurk” en sa.

Wat woesto as bern graach wurde?

Ik ha noait witten wat ik wurde woe. Einliks wit ik it noch net! No ha wy in eigen bedriuw (Vellinga Werkschoenen en Kleding)

Wat fynst it moaist om te dwaan?

Ik mei graach reedride en ha ek altiid volleyballe, mar dat doch ik op it stuit net. No ha se my al wer frege en sit ik te twifeljen as ik wer begjinne sil. Fierder rin ik in soad en mei ik graach fytse.

Wat fynst in grutte ergernis?

Ik sil my fêst wolris ergerje, mar wêroan..... Facebook, dêr ergerje ik my wolris oan. Alles wurdt der mar opsetten en alles is leuk, dat is hielendal net realistysk. Itselde as mei WhatsApp: dat is sa ûnpersoanlik. It is seker handich, mar ik kin guon dy't 1400 appkes op in dei krije! Dan kinne jo je dochs net mear konsintrearje op it wurk of skoalle as de tillefoan de hiele dei pipet.

Wat fynst in prachtich boek?

Ik mei graach lêze, mar ik lês fanalles. Sa as "Het boek van vreugde" fan Dalai Lama en Desmond Tutu, "Tegen het cynisme" fan Siebrand Buma, "De Getuige" fan John Grisham. Myn smaak is hiel breed. Mar as ik yn in boek sit, dan kin ik ek sa alles lizze litte en moat Ruerd de bern mar op bed stjoere, want dan moat ik it earst útlêze.

Hokker tv-programma of film fynst hiel moai?

De famylje Kruis fyn ik hielendal geweldich. It wurdt hiel oerdreaun spile, mar ik fyn it geweldich.

Nei watfoar muzyk lústerst graach?

Ik bin ek hiel breed yn muzyk. Jierren tachtich fyn ik hiel moai, top 40 muzyk, mar gjin klassyk.

Wat wie dyn grutste miskeap?

Dy ha ik wol. Sille wy dit wite kleed der mar foar brûke? *Ingrid hat in wyt kleed ûnder de salontafel lizzen, mar dêr sjogge jo fansels fanalles op!* Ruerd hat noch wol in gruttere miskeap hân! Hy is ris mei in auto thúskaam, ik leau dat it in BMW wie, werklik wier it wie freeslik! Hiel leech by de grûn. Ik sei: dêr ryd ik net yn! Sa'n freeslike auto. Doe hat hy him werom brocht. Wol mei ferlies..... Ruerd hat wat my auto's. Ik leau dat hy al 50 auto's hân hat, mar yn dy woe ik echt net ride!

Wat is dyn favorite fakânsjeplak?

Skylge en Kanada.

Wolst der net wer hinne te wenjen? No, dat is gjin ja en gjin nee. Dat is in proses. Mar oare jier sille wy wer nei Kanada op fakânsje. Sybren is dêr berne en hat der wat mei, hy wol der hiel graach wer ris sjen.



Hoe lang ha jimme yn Kanada wenne?

len jier. Wy woenen graach in fisum ha, dat slagge ús hjir net. Doe binne we nei Kanada gien, mar dêr slagge it ús ek net. It koe wol, mar dan op myn diploma. Ik hie der dan 5 jier oan it wurk moatten, dan hienen we kâns op in fisum. Mar ik wie doe krekt yn ferwachting fan de twadde, dus dat wie foar ús gjin opsje. Doe binne wy werom nei Fryslan gien en ha we it bedriuw wer op 'e nij opsetten. We ha ús eigen bedriuw wer werom kocht.

Wêr soest net sûnder kinne of wolle?

De bern! Ynkopperke!

Wat soest graach noch ris dwaan wolle?

Hm, ik soe de alvestêdetocht wol graach ris op redens ride wolle!

Watfoar iten makkest graach klear?

“Courgetteschotel”! It is mar hiel maklik. Sipels lekker stadichoan bakke, wat gehak en courgette en nei smaak wat Maggi derby dwaan. Wy ite it sels altiid mei rys .

Wat fynst de moaiste tiid fan it jier en wêrom?

Dizze tiid fyn ik hiel moai. Dat alles wer yn 'e bloei komt. Ik wurd my der ik hieltyd mear bewust fan dat it prachtich is.

Wolst oars ek noch wat kwyt?

Wy meie hjir hiel graach wenje. We wenje hjir no alwer twa jier en ha it tige nei it sin en binne bliid om hjir te wêze. De bern binne goed opfongen op skoalle. Folkert Jan giet no nei Balk; dat fyn ik ek in prachtige skoalle. Oars hie hy al nei Snits moatten. Dat binne sokke grutte skoallen, dêr wurde jo gewoan net sjoen.

Ingrid, tige tank foar dyn gastfrijens en as ik noch ris oppas sykje foar ús Nynke, dan wit ik wêr't ik wêze moat. Se hat it tige nei it sin hân by Ingrid en ik leau dat it oarsom ek sa is.

Hedwig Beukens

NATIONALE HERDENKING



Met ingang van dit jaar willen we als Dorpsbelang ieder jaar een Nationale Herdenking organiseren bij “de Toer”.

Deze herdenking zal sober ingericht zijn, terwijl de 5 jaarlijkse herdenkingen groter van opzet blijven.

Tijdens de Nationale Herdenking op 4 Mei herdenken we de Nederlandse slachtoffers van de Tweede Wereldoorlog en in oorlogssituaties en vredesmissies nadien.

In Nijemirdum herdenken we deze slachtoffers bij de oorlogsgraven op de begraafplaats bij de “Toer”.

Het protocol luidt als volgt:

tot 19.45 uur: Verzamelen belangstellenden op het plein voor de toren.

19.50 uur: Belangstellenden gaan in stilte richting de oorlogsgraven

19.55 uur: Luiden van de klok

19.59 uur: “Last Post” door Aaltje de Boer

20.00 uur: 2 min. stilte

- zingen 2 coupletten van “Wilhelmus”.
- Korte voordracht
- Het plaatsen van een krans bij de graven
- Aanwezigen worden in de gelegenheid gesteld bloemen te leggen
- Einde herdenking

Iedereen verlaat in stilte de herdenkingsplaats.

Dorpsbelang Nijemardum

WA BIN IK?

No bin ik sels net sa'n leafhawwer fan boadskippen dwaan, mar doe't ik mei myn kärke troch de winkel skarrele hearde ik ynienen achter my "Ha dêr ha we Jantsje fan it krantsje, wy tinke it is Antsje". Doe't ik my omdraaide stiene dêr Roelie en Teatske Veen . En och dêr wurd ik dan wer bliid fan tusken al dy omskaaiende boadskippers, dat om my mei kin dat wol faker.



Wy ha der mei syn trijen noch smaaklik om lake, mar it wie fansels wol de goede oplossing. En ja sels sûnder rymke dochs noch hiel wat goede reaksjes. In inkeling miende dat it Minke Roelevink wie.

Antje Buma is berne oan de Griene Singel 6 (no Hege Bouwen 39) as fiifde fan de seis bern fan Hindrik Postma en Geeske Bultsma. De Griene Singel wie doe in sânpaad trochrinnend oant Nij Amerika .

Yn 1963 is dit paad ferhurde en letter, mei de komst fan de postkoade, hat it de namme de Hege Bouwen krigen. Antje har broer Durk wennet no noch op de âlderlike pleats .

Op dizze groepsfoto is Antje 12 jier âld. Hy is makke troch master Bode nei oanlieding fan it ôfskie fan de legere skoalle.

Mar leafst 12 kânshawwers bedarren yn de hoed dêr't Hedwig de namme fan Boake Pietersma úthelle .

Lokwinske!



Dan no wer in lyts jonkje.

Dit jonkje die wol hiel lang oer de basisskoalle.....

Wa is dit ?

Belje gau nei nummer 571889

Dat kin oant en mei sneon .

Jantsje

DE TOEKOMST VAN HET DORPSHUIS NIJEMIRDUM

In het vorige dorpskrantje hebben wij als lokaalvereniging een stukje geschreven over de toekomst van ons dorpshuis. Hierbij is genoemd dat we eind mei, begin juni een avond voor dorpsbewoners en betrokkenen van het dorpshuis zouden plannen. We hebben besloten om deze avond te verplaatsen naar september, dit omdat er al een aantal activiteiten gepland staan deze maanden, waaronder het dorpsfeest.

De datum voor deze avond hebben wij gepland op 20 september 2017, maar van te voren krijgt u hierover nog een uitnodiging.

Tot 20 september!

Bestuur Lokaalvereniging Nijemirdum



HET IS NU OF NOOIT!

Voor heel veel mensen die op het platteland in Nederland wonen is toegang tot écht snel internet een illusie. Echter: De digitale ontwikkelingen en innovatie met directe toepassingsmogelijkheden gaan hard. Heeft men op het platteland nu al last van traag en vaak onbetrouwbaar internet, in de komende jaren zullen deze internetverbindingen helemaal ontoereikend zijn als men van nieuwe ontwikkelingen gebruik wil gaan maken. Huidige en toekomstige informatie- en communicatietechnieken en sensortechnologieën kunnen daardoor onvoldoende of vaak helemaal niet worden benut. Dit heeft een sterk negatief effect op de economische ontwikkeling, werkgelegenheid, scholing en leefbaarheid in de plattelandsgebieden.

In de gemeente De Fryske Marren heeft ongeveer 70% van de inwoners toegang tot een kabelaansluiting van Ziggo en 30% heeft enkel toegang tot het internet via een ADSL lijn van KPN. De gemiddelde internetsnelheid gecombineerd voor kernen en buitengebied was in april 2015 ongeveer 1 Mbit upload en 4 Mbit download.

Glasvezel is een energiepassief, optisch netwerk. Alleen de actieve apparatuur die laserpulsen door een dunne vezel van glas stuurt, gebruikt energie. Doordat de actieve optische apparatuur relatief weinig energie gebruikt, is het vergeleken met kopernetwerken een heel energiezuinig netwerk. Daarnaast zijn glasvezelnetwerken symmetrisch van snelheid. Upload- en download snelheid zijn gelijk. Op dit moment worden er door providers in Nederland al snelheden tot 1.000 Mbit upload en 1.000 Mbit download aangeboden en er is geen fysieke limiet bekend voor de hoeveelheid gegevens die over één glasvezel kunnen worden verzonden. Op dit moment zijn er glasvezelaansluitingen tussen de Amsterdam Internet Exchange en de Verenigde Staten (TAT-14) in gebruik waarbij snelheden van 3.200.000 Mbit Upload- en download de norm is. Op termijn worden deze snelheden ook toegankelijk voor particulieren en kleine bedrijven. Niet het glasvezelnetwerk, maar de actieve apparatuur bepaalt de maximale snelheid. Vinden wij 10.000 Mbit, zoals dat op ons netwerk gehaald kan worden nu nog óntzettend veel; over 10 jaar vinden we dat waarschijnlijk helemaal niks meer.

Kortom: De beste oplossing voor snel internet voor nu en in de toekomst is glasvezel.

DFMopGlas zit in de opbouwfase, u kunt zich wel alvast aanmelden als geïnteresseerde via <http://dfmopglas.nl/aanmelden/> . U wordt dan tevens op de hoogte gehouden via de nieuwsbrief.

MONUMENT BOMMENWERPER

Aan het IJsselmeer bij Oudemirdum wordt op 2 mei een monument onthuld dat herinnert aan het neerstorten van een Britse bommenwerper in 1941.

De Vickers Wellington werd in de nacht van 8 mei 1941 door een Duitse nachtjager neergehaald. De bommenwerper is vorige zomer geborgen. Het monument bij de Hege Gerzen eert de omgekomen Poolse bemanning.

Burgemeester Fred Veenstra van De Fryske Marren, het Zeekadettenkorps uit Lemmer en scholieren wonen de ceremonie bij.
Ook u bent van harte uitgenodigd om de onthulling van het monument bij te wonen die om 14.30 uur plaats vindt.

PAARDENSTRONT/HOEFADFDRUKKEN

Beste paardenhouders en ruiters,
Paarden die buiten worden gereden, zullen her en der op wegen en paden mesten. Deze vaak forse mesthopen vormen een bron van ergernis voor de andere weggebruikers. De laatste jaren is er ook meer en meer maatschappelijke weerstand tegen paardenmest op straat. De KNHS (Koninklijke Nederlandse Hippische Sportfederatie) en de FNRS (Federatie van Nederlandse Ruitersport centra) hebben hierop ingespeeld door hun leden op te roepen mesthopen op de openbare weg nog dezelfde dag op te ruimen. Paardenmest op de openbare weg veroorzaakt vooral binnen de bebouwde kom ergernis. In sommige gemeenten heeft dit geleid tot het opnemen van een verplichting tot opruimen van paardenmest in de Algemene Plaatselijke Verordeningen. Paardenhouders en ruiters moeten zelf laten zien dat zij hun maatschappelijke verantwoordelijkheid nemen om overlast voor anderen te voorkomen door na een rit de mest **zelf** op te ruimen.

Ook doen we hierbij weer een oproep om **NIET** met de paarden op het gedeelte van de fietsers te lopen. Fietsers ergeren zich aan de hoefafdrukken. Dit geldt met name voor het Sânpaad en de Griene Singel, daar is zelfs een ruiterspad, waarom dan toch op het fietspad lopen? En als je met z'n tweeën bent is het toch een kleine moeite om op het Sânpaad achter elkaar te lopen?

Bestuur Dorpsbelang



SLOTJÛN DAMCLUB NIJEMARDUM



Op 10 april waard de slotjûn fan damclub Nijemardum hâlden; it wie wer in gesellige jûn. De opkomst wie dizze jûn behoarlik.

Nei de notulen en it finansjeel ferslach hiene wy in rûntsje bingo mei in soad moaie prizen. Kofje mei gebak krigen wy ek noch; dat wie om it twadde plak yn de 1^e klasse, in bêste prestaasje. Bestjoers ferkiezingen waarden ek noch hâlden: Pier Akkerman wie ôftredend ponghâlder, mar koe op'en nij wer keazen wurde. De priisûtrikking waard dien troch Gerlof Otter, de kompetysjelieder.

Yn de 1^e klasse gie de 1^e priis nei Igge v/d Veer mei 39 punten, de 2^e priis gie nei Gert Baukema mei 36 punten en de 3^e priis gie nei A. Batteram mei 33 punten.

Yn de 2^e klasse gie de 1^e priis nei B. Pietersma mei 40 punten, de 2^e priis gie nei G. Otter mei 33 punten en de 3^e priis gie nei P v/d Wal mei 33 punten.

De wikselbeker mei de measte punten tsjin oare clubs yn de 1^e klasse gie nei Igge v/d Veer en de wikselbeker yn de twadde klasse gyng nei Gerlof Otter. It trouste lid wie dit jier Gert Baukema.

Nei dizze priisûtrikking hiene wy de grutte ferlotting noch. Der waarden wer prachtprizen wûn. Elkenien gie tefreden nei hûs en op 11 septimber begjinne wy wer. Nije leden binne hertlik wolkom.

Groetnis fan it bestjoer

OP STAP MET PEUTEROPVANG ' T OPSTAPKE

Op woensdag 12 april hebben de peuters van Nijemirdum genoten van een heerlijk paasontbijt.

De tafel was mooi versierd, er waren lekkere broodjes, beleg en drinken en natuurlijk een gekookt ei voor iedereen. De peuters hebben zitten smullen van al het lekkers.

Woensdag 19 april hadden de peuters alweer een feestje, ze gingen lammetjes kijken.

Om 9.00 vertrokken we op de fiets naar Pieter en Diète Runia om daar naar de lammetjes te kijken. We hadden geluk, er waren die nacht 3 lammetjes geboren

en er liepen al heel veel in het weiland. De peuters mochten helpen om de schapen te voeren, de lammetjes te aaien en konden bij de kippen kijken. Ook kregen de peuters allemaal een beker drinken en een koekje en mochten ze in de schuur spelen met allemaal mooi speelgoed en in de zandbak. Het was een zeer geslaagde ochtend, Pieter en Diète bedankt!



HOBBYTENTOANSTELLING

Sneon 1 april wie der wer in hobbytentoanstelling yn it doarpshûs fan Nijemardum.

It wie wer in gesellige dei.

Grutte Piet stie der mei syn houten bankjes, kastkes en noch folle mear moai ark. Ek hie hy tafels fol mei âlde foto's dy't hy krigen hie fan Master Bode; prachtich om der yn om te sneupen.

Neist Piet stiene Jiska en Tabitha mei harren nifelguod fan hout, teedoeken en eigenmakke haakt spul; neffens my ha we oer in skoftke wer in winkelstje yn Nijemardum.

De fam. Stroes hie ek twa tafels: ien mei in elektryske lift fan mecano en Ria stie der mei in 3d-printer. No, dy makke sok fyn spul, it wie in pracht om te sjen..

Sebastiaan stie mei Willemien op it poadium mei harren bestjoerbere auto's. Geweldich om te sjen hoe't hy sels dizze auto's oplapet.

De twa mannen fan World Servants stiene der mei in huzejacht-spul.

Alle prizen hiene se krigen fan de middenstân fan Balk en omkriten.

As Mike Postma meidie wiest der wis fan datst net yn de prizen foelst: dy sleepte de iene priis nei de oare binnen.... gelokkich wie Annelien mei de auto.

Tiete en Jeltsje stiene der mei harren blomme-freondinnen. Sy sitte beide by" it Frysk Fjildboeket" en hiene de moaiste stikjes makke. Foar in pear sinten hiest wer wat moais op 'e tafel.

De opbringst wie foar World Servants. Dy ha in goede dei hân en ik tink dat sy no wol Royal Class fleane kinne.

Thomas van Kessel joech noch in demonstraasje op de doedelsek..... so, wat komt dêr in lûd út!

Yn 'e midden fan de seal stie Coby mei har eigenmakke tassen en beurzen: prachtich hear, wat in ferskaat oan spul.

En dan wie Yde der noch.. komplete mei oppimte fyts mei houten fytstassen en in pracht fan in brommer yn moaie kleuren.

Syn barchjes, makke fan ekspansy –fetten, wiene ek in pracht en in skiep fan stikeltried.... betink it mar.

Om twa oere koene de appeltaarten brocht wurde. Douwe Prins kaam te jurearjen.

Tsja, ik hie myn eigen taart der al delsetten mei in briefke der ûnder..



Om trije oere stie myn taart der noch hieltyd allinne....dus de útslach wie net sa dreech. De Masterbakker fan “ Hiel Nijemardum Bakt” wie :.... IK!!!!

De measten tochten dat it in 1 april-grap wie.. en bedankt. Ik sil wer ris wat betinke..

Ik ha de taart mar yn stikjes snijd en ferparten en mmmmm.... der waard fan smuld. Dat kin ek net oars want der kin mar ien de bêste wêze... hahaha.

Grutte Piet hie noch in nêstkastke makke dêr't elkenien in briefke mei de namme yndwaan koe.

Der sieten hast hûndert yn en Hilde de Jong wie de gelokkige winner.

It wie in moaie dei. Tiete en ik sizze: oer in pear jier kin it wol wer.

Wiep

ROMMELMERK

Op sneon 3 juny ha wy wer ús jierlikse rommelmerk. Yn en om it doarpshûs is der dan wer fan alles te keap. Op freed 2 juny kinne jim “de rommel” by de dyk sette. Fanôf 13.00 oere wurdt it dan ophelle. Alles wat net ferkocht wurdt, moatte we sels ôffiere nei it gemeentestoart, dus minsken: graach gjin stikkene meubels of smoarge matrassen oan de dyk, want dit soarte fan saken sille wy net meinimme! Sneon 3 juny binne de doarren fan 9 oant 12 oere iepen.

Yn it lêste kertier kinne jim in gemeentesek keapje foar 2 euro. As it oan ús leit goaie jim dy dan hielendal fol...

Oant sjen op 3 juny.

Groetnis, de lokaalferiening



BEGRAAFPLAATS

Werkzaamheden op de gemeentelijke begraafplaatsen.

Onze gemeente heeft 14 gemeentelijke begraafplaatsen. Omdat we werken aan het digitaliseren van de begraafplaatsadministratie, gaan we foto's maken van alle graven. Daarnaast zijn we bezig het onkruidvrij maken van de half-verharde paden. In dit bericht leest u meer over deze werkzaamheden.

Digitalisering administratie van de graven.


Aansluitend op het inmeten van de graven, gaan we van ieder graf een foto maken. Dit om de administratie die nu nog op papier is, te kunnen digitaliseren en alles overzichtelijk vast te leggen. In april starten we met het maken van de foto's. Hoe lang we hiermee bezig zijn is nog niet bekend, omdat dit mede afhangt van het weer. Maar we verwachten dit eind 2017 af te kunnen ronden. Graag wijzen we u hierop, zodat u weet dat u een fotograaf kunt aantreffen op de begraafplaats.

Paden onkruidvrij.

In 2016 hebben we een proef gedaan met onkruidbestrijding, omdat we geen chemische middelen meer mogen gebruiken. Ook op de begraafplaatsen is op twee verschillende manieren bekeken hoe we de paden nu het beste onkruidvrij kunnen houden. De paden zijn onderhouden met hete lucht en met heet water. De proef is nu afgerond en inmiddels zijn afspraken met een aannemer gemaakt over het onkruidvrij houden van de half-verharde paden op onze begraafplaatsen.

De firma Vertisol gaat de komende drie jaar de half-verhardingen op onze begraafplaatsen beheren en op A-kwaliteit onderhouden (paden schoonhouden). In de praktijk komt het erop neer dat er om de drie weken een behandeling nodig is om het onkruid op de paden voor te blijven. U zult de machines van de firma Vertisol vanaf deze maand tegen kunnen komen op de gemeentelijke begraafplaatsen.

Bestuur doarpsbelang Nijemardum



*Leafde is
tee mei in "beskút"
op memmedei*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

4 maaie	:	deadebetinking
29, 30, 31 maaie, 1 juny	:	avond4daagse
3 juny	:	rommelmerk
29, 30 juny, 1 july	:	doarpsfeest
20 septimber	:	ynformaasjejûn takomst Doarpshûs

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 31 maaie 2017

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 24 maaie 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: **redaksje.doarpsnijs@gmail.com**